



Rommert van der Zee
(12-7-1912 - 10-3-1997)

Frysk

Inhoud

Ome Jouke.....	2
Dream	3
Hjerst.....	3
Pinkster.....	4
Tsjerke.....	5
Tsjerke.....	6
Pinkster.....	6
Tsjerke.....	7
Tsjerke.....	8
Tsjerke.....	8
Tsjerke.....	9
1993.....	10
Us help	11
Bidde.....	11
Iepen winter.....	12
Snein	12
De boer en syn soargen.....	14
Psalm 126: 6.....	14
Kryst.....	15
Pake Wiebe	15
It lok ticht-by.....	16
It sniekllokje	17
De Tiid	17
Nagekomen Kerstverhaal, uit lang vervlogen tijd	18
De Stove	20
PEASKE	21
DREAM	22
Tsjerke.....	22
De beam	22
Ald portret.....	23
In preek op it tjerkhof	24
It heidenbuske	25
Nei it forstjërren fan har man	25
Out petret	26
Oud portret.....	27

Ome Jouke
(Fonetisch Franekers)

En elke Saterdagmiddag
Sa rond un uur of fijf
Dan komme der drie froulje
(un opoe, un dochter en un kleinkien)
En kope in un groentesaak
Wat lekkre ripe peren
Foor Ome Jouke

Dan gaan su naar ut rusthuus toe
En fine dêr un ouwe man
Fan meer as negentig
Die 't fan 'e wereld niks meer weet
Die 'tja seit as ie nee bedoelt,
Mar die 't graag lekk're peren lust
Ome Jouke

En na un hartelijk besoek
En na un vriendelijk ôfskeid
Gane su weer naar Harlingen.
Der was wel niet feul an, mar ja,
Ut is toch ok un meens nietwaar?
Ome Jouke

En elke Saterdagmiddag
Su rond un uur of fijf
Komme die drie weer
En kope bij de groenteman
Wat lekk' re ripe peren
Foor Ome Jouke

Su lang der noch meensen
Fan Harlingen naar Franeker reize
Is der noch hoop foor de wereld.

Dream

Nei oerenlange sliepeleazens
Alderhande prakkesaasjes
foel ik einlings yn 'e slom

Doe stie yn-ienen bij myn bêd
en bûgde oer mij hinne
ûs mem, lyk as hja eartiids die

Ik hearde it oan har hoeden kommen
ik fielde it oan de sêfte hannen
wêrmei hja mij leaflik bestoppe
ik rûkte it oan it swarte hier
dat oer myn tekken sweefde

Doe sei ik: Lit mij noch ien kear
mem har lytse jonkje wêze

Och heden mem
wêrom moatte jo no gûle?

~

Hjerst

Lykas de fûgels yn'e hjerst
har ôfjouwe foar de grutte flecht
om earne te oerwinterjen
sa fleane ek ûs tinzen
troch de hege loft
fan it libben
om te oerlibjen.

En krekt lykas de fûgels
yn'e jere maitiid
weromkomme op it plakje
dêr't men har ienris útbret hat,
sa komme ûs tinzen werom

by ûs oarsprong, by God.

En likemin as in fûgel
him soargen makket
oft syn wjukken him wol drage kinne,
sa hoecht in minske him
ek net te bekroadzjen
oer de frage
oft hy it wol helje sil.

Mar ja in minske
is gjin fûgel fansels.
lendiels spittich.
Oardiels net.
Want op'e wjukken fan syn bidden
fijucht hy heger as de fûgels,
oant de troane fan syn God.

~

Pinkster

Hja wienen allegeare ienriedich mejenoar
en parten itjinge dat hja hienen.
Sadwaande hie nimmen tekoart
en gjinien lei wekker fan syn rykdom.
Is it in wûnder, dat de Geast Gods komt,
mei in faasje, dyt gjin ien keare kin.

Hja hienen de wurden fan Mozus heart,
de dieden fan Christus mei-makke,
Syn Opstâning en Himeifeart,
mar misten noch de wjukslach nei boppen.

Hja sieten achter sletten doarren
út eangst foar de Joaden.
Mei eangst slút men jin ôf far in oar.
Tichte doarren meitsje skieding.

Mar doe't de fûnk fan Pinkster ynslûch,

doe' t de stoarm fan de Geast alle skoatels ferbriek,
waarden hja ferbolle út har nêst fan eangst
en feardichm makke foar de grutte wrâld.

~

Tsjerke

Mem lies ûs eartyds út de Bibel foar
eltse dei nei iten.
Mem sloecli neat oer.
Gaedlik of net, mem lies alles.
It wie ommers it Wurd fan God; no dan!
Sels it "Sela" út de Psalmen;
naam se yn'e rin ek mei.
Op in kear hie ûs mem it lêste haadstik
fan it lêste Bibelboek "Iepenbiering" út leazen.
Doe sei ik: "No moatte wij moarn in nije Bibel ha, mem.
Want de âlde is út".
Mar ûs mem sei "Nee jonge de Bibel rekket nea út
wij begjinne moarn fan foaren ôf oan".
De Bibel rekket nea út. Is altyd wer nij.

Dûmny's komme, dûmny's gean.
Nije tiden nije prekers.
Mar altyd wer datselde âlde Boek,
dat nea út rekket, mar altyd wer nij is.
De ferhalen út âlde tiden
binne like goed de ferhalen foar nije tiden,
omdat dy ferhalen net allinnich
ienris ál of nêst wier bard binne,
mar omdat dy ferhalen wier barre, ek yn dizze tiid.
Dêrom, as jimme snein nei tsjerke tagean,
it sil de selde âlde Bibel wêze.
Nijer as dy âlde is der net.
Mar it wurdt nea Âld - nijs.

~

Tsjerke

Yn alde tiden boude men de tijerke op in terp,
it heechste plak, mits it doarp of de stêd.
Dat die men doe mei op - set - sin, want
as de stoarm boldere en de weagen heech opjage,
sa dat it lân der ûnderstrûpte,
dan flechte in elts mei syn bern en syn fee
nei de terp om te skûljen yn 'e tjerke.
As it minne waar oer wie, stiek elts wer nei it eigen stee.

No't de minsken de dyken ophege hawwe en de see betwongen
hoecht nimmen mear te flechtsjen nei de tijerke.
Sûnt dy tiid is de tijerke glin skûlplak mear.
Dy stiet no heech en eptich te pronk,
as wat ferdivedaasje foar de toeristen,
as nostalgisch aardigheidsje,
aardich om te sjen.

Moat it wetter earst wer opsetten komme?
De seespegel stugt en de Poalkap raant.
Moat de oséaan ús earst bedobje?
Kin in minske sûnder God?

~

Pinkster

Doe't de tonger yn 'e toer sloech
doe't wij allegear yn 'e tsjerke skûlen,
en tagelyk oerein stoden út ús tsjerkebank;
fan alles troch elkoar hinne raasden
sûnder elkoar te ferstean,
doe begriepen wij deksels goed wat der barre moast.
Elk skrepte om de tsjerke út te kommen.

Ien draafde hastich om 'e brânsput,
in oar hie de kollekte - skaaltsjes,
en wer in oar rûn mei it doopfont om.
It wie ien en al aksje, om tsjerke en toer te bewarjen,
want tsjerke en toer moatte dochs yn 'e midden bliuwe.
Dêr is aksje foar nedich.
Dêr is Pinkster foar nedich.

~

Tsjerke

As de tsjerke - klok liedt,
komme de minsken út stêd of doarp;
komme de minsken lyts en grut,
op 'e fiets, rinnend of yn' e auto,
nei de tsjerke ta.
Lytse smûke doarps - tsjerkjes of lokaeltsjes,
grutte stêds - tsjerken of katedralen,
oeral op sneintemoarn, minsken ûnderweis.
Minsken mei har lok en freugde,
ek mei har soargen en fertriet.
Minsken groetsje oare minsken,
gean op in bank of stoel sitten,
harkje nei de preker, sjonge wat lieten,
dogge wat yn'e ponge
en gean wer fuort, elk nei it eigen stee.
En nije wike giet it wer krekt - allyk.
Wat is dochs it geheim fan dat tsjerke - gean,
wêrom komme de minsken eltse snein werom?
Inkelt út klearebare gewoante,
út neakene tradysje?
Of libje hja fan snein ta snein,
yn langstme nei Gods Hillich Hûs,
toastjend nei it Libbene Wetter,
hongerich nei it ywige Brea?

~

Tsjerke

Yn earder tiden waard der omraak songen.
Us âden songen balladen fan 24 fersen.
Heit song op it wurk, mem song yn 'e koken.
Sels op it húske waard songen.
Sjongen wie de folkskeunst nûmer ien.
Wij songen yn skimerjûn,
(de lampe mocht net sa gau oan
oars wie de jûn sa lang)
Johan de Heer hast leech.

Tsjintwurdich sjongt men hast net mear,
dat hoecht no ommers net,
wij hawwe no LP's en CD's.
Wij litte foar ús sjonge
wij litte de bêste koaren foar ús opdrave
foar de radio of TV.
Minsken dy't net sjonge, geane stiekum dea.

Yn de Tsjerke wurdt noch songen
eltse snein bij eltse tsjinst.
150 Psalmen liawwe wij
en noch 500 lieten hast.
Minsken lit ús sjonge
dat de tsjerkemuorren skuorre.
Sjong jim siel nei boppen
op 'e wjukken fan it liet.
Sjong de goedens fan de Himel
nei de ierde, as de snie.

~

Tsjerke

Joh. 4: 24.

God is Geast en dy 't Him ferearje
moatte dat dwaen yn 'e Geast en yn wierheid.

Net mear de hillige timpel foar de Joaden,
de berch Moria foar de Samaritanen,
de stêd Mekka foar de Moslims,
it Sint Piter plein foar de Katholiken,
net mear ús tsjerke, himelheech.
Ja, alles mei fansels, mar it hoecht net meer.
Want oeral dêr 't in minske
him yn Geast en wierheid ferienet
mei de Geast fan God,
dêr is de timpel fan it hert,
dêr is de berch fan hearlikheid,
dêr is hillige grûn
dêr is de Tsjerke.

~

Tsjerke

As de koster op sneintemoarn
de tijerkedoarren iependocht foar it tsjerkefolk,
as de kloklied oer it tou lûkt
om de minsken te roppen ta de tsjinst,
as de spylman syn oargel beklimt,
foar it foarspul om de gemeentsang te lieden,
as de ponkjeriden soarget
dat de kollekte byinoar garre wurdt,
as de âlderling de dûmny in hân jout
en him it paad nei de preekstoel wiist,
as it tsjerkefolk syn plak fûn hat ynê bank,
as de dûmny syn preek hâldt,
as elk syn tsjerklike plicht dien hat,
is dan de earetsjinst folslein?
Of binne wy dan meiinoar,
Allinnich noch mar tsjinst-kloppers?

~

1993

Yn'e winter meitije de swelsjes yn Sûd Aflika
har al wer klear foarde grutte flecht
nej it lân dêr't mem har eartiids útbret hat.
10.000 km fleane se mei har lytse wjukjes
oer seeën, oséanen, oer lân en woestenij;
mar fan alle viif sweltsjes komt der mar ien oan.
En dy iene swel bringt ûs dan de Maitiid.

Lykas in swerm swellen
stoarmje wy it nije jier temjitte;
oer seeën swirrichheden hinne
en mei woestenijen fan ûnwissens op ûs paad.
Sille wy it helje?
Binne wy dy iene swel, dy't hjir de Maitiid bringt,
of heare wy by dy fjouer
dy't ûnderweis ôffalle?

Nimmen wit it, mar fan ien ding meije wy wis wêze:
as wy it helje, as dat wy ôffalle,
wy falle net út Syn Hân.
As wy falle, dan yn It falnet
fan Syn genede.

Sa't in eam-fûgel syn jongen it nêst útsijit,
(it jongfolk moat dochis ienris fleanen leare)
mar tagelyk mei mânske wjukslach
ûnder syn jongen lâns flucht
om de fladderjende stumpers sanedich op te heinen
en nei it veilig nêst te dragen,
sa sille, as wy falle
de sterke wjukken
fan de Almachtige ús opheine
en nei it hege nêst fan Syn Wente ta drage.

~

Us help

Ps. 124

As Hy ûs net foun hie
doe't wy yn è finzenis
fan ús libben fêstsieten,
As Hy ús net sjoen hie
yn 'e wachtkeamer fan 'e dea,
As Hy net mei Syn strielen
fan hoop en befrijing
troch ús cel-rútsje kipe hie
doe 't de skoattels fan fergonklikheid
ús de llbbensnocht benamen,
dan wiene wy nergens,
dan hiene wy ôfdien.

Marsjoch, troch de gloed fan dat ljocht
kaam der wer hoop op befrijing,
en sjoch, de skoattels fan ús cel
de doaren fan ús finzenis
gongen sa mar iepen.
En wy, wy wienen frij!

Heech te priizjen is de Heare.
Us help is yn Syn Namme.

~

Bidde

Bidde is: djip yn josels weikrûpe
En fier boppe josels út stige.

Bidde is: josels ferlize yn God
En josels werom fine yn é minsken.

Bidde is: tusken himel en ierde swalkje
Om de need fan'é minsken wrâld by God te bringen

~

Iepen winter

In skiere dize hinget oer de wrâld
De mistige motrein sangert mar troch
De loft hinget as in baalsek boppe de huzen
De beammen steane neaken en bleat te beevjen yn é wyn
Gjin fûgel jout mear lûd, se lykje wol dea
In ielreager stiet as in ferklomme âld mantsje oan é sleatswal
Wa soe tinke doare dat oer in healjier de loft trillet fan fûgelsjongen,
de greiden grôtfol blommen stean?

~

Snein

De stienparkes stiene oeren Lang
te protteljen op it komfoar
om moai read te wurden,
want moarn wie it snein.
It gebradentsje stie op it piteroaljestel
te soarreijen yn it fel.
Jo rûkten de snein al oan kommen,
de hearlikste dej fan 'e wike,
De Dei fan 'e Hear.

Wy rûnen op sneinske swarte klompen
in healoere oer de púndyk
nei tsjerke ta.
Deis hiene wy wite klompen oan,
mei in skerpe snút.
"Deaskoppers" neamden wy dy dingen.
Mar sneins swarte klompen,
op 'e hearlikste dei fan 'e wike,
De Dei fan 'e Hear.

Wy harken yn tsjerke nei de preek
En songen de psalmen út it boek.
Dan gong it op hûs oan.
Wy krigen kofje mei in klûntsje.

It lêste stikje mochten we opsobje.
En by de kofje in stik koeke.
Want it wie snein.
De hearlikste die fan 'e wike
De Dei fan 'e Hear

Heit hoegde net te arbeidzjen,
Mem net te waskjen en te iten sieden.
Wy hoegden net nei skoalle ta,
Wy hiene frij, it wie snein,
De hearlikste dei fan 'e wike,
De Dei fan 'e Hear.

No is de snein yn hannen fan
Oare hearen kommen:
Olympus, de god fan de sport,
Hat de snein foar him opeaske.
En no wol Mercurius, de god fan 'e hannel,
De snein oerjaan oan 'e kommerzje.
De winkels moatte sneins iepen.
Yn 'e stêden is it al sa fier.
Wat bliuwt der oer fan de snein,
Der hearlikste dei fan 'e wike,
De Dei fan 'e Hear?

Moatte dan alle tsjerkeklokken
Net de hiele snein liede
As in skril protest tsjin dy ôfgoaderij
Of as in Godsoardiel tsjin dy ôfgoaderij
Of as in Godsoardiel tsjin de skande
Dy 't de snein oandien wurdt,
De hearlikste die fan 'e wike,
De Dei fan 'e Hear?

~

De boer en syn soargen

Skriemend giet er syn paad,
de man dy't de sieddelsek draacht,
mar jubeljend komt er thûs
as er de skeaven oandraacht.

~

Psalm 126: 6

Och, dy lytse Palestynske boer...
mei triennen yn 'e eagen en pine yn 't hert
smyt er 't kostlik sied (deistich brea foar syn hûshâlding)
samar by hânfolle fuort yn 'e reade grûn.
Sil der ea in rispinge wêze?
Sille de fûgels 't sied sparje?
Sil der bytiids reinwetter komme?
Sille de spinkhoannen 't gewaaks keal frette?
Sille de heilstiennen alles ferrinnewearje?
Sil der brea yn 'e tromp wêze?
Sil er sjongend de skeaven de skuorre yndrage?

Sa gie it doe.

De setters steane al ree yn 'e bakjes, se sprute al moai út, se wolle it gat yn.
De "trekkers" bearbeidzje de grûn, it lân wurdt bouryp makke.
De boer...., hy moat wol, it wurdt tiid.
Mar mei pine yn it hert en tûzen fragen:
Sil de djoere ynvestearing yn siedguod en materiaal wol útkinne?
Sille de setters goedkard wurde? As jo gjin sifer krije, is 't feefoer.
Sil mei Aderheljen de hier wol betelle wurde kinne?
As Brussel opnij de prizen ferleget, sil der dan (sels by in rynske rispinge) noch brea wêze foar him en syn hûshâlding?

Sa giet it no.

Och, mocht er jubeljend de skeaven oandrage!

~

Kryst

As Joazef en Marije
no ris op Skiphol oankamen
om ûnderdak to finen,
soenen hja wol in
ferbliuwsforgunning krije?
Al wer twa der by (hast trije)
En wy sitte al sa fol.

As it Bêrtsje yn 'e krêbe
no ris fan ûs frege
om ien fan de tûsend bêrtsjes
dêr 't gjin plak foar is
to adoptearjen
soe Hy dan ek noch wolkom weaze?

~

Pake Wiebe

Doe't Pake Wiebe mei it stokje rûn
En Beppe Sytske mei it breidsjen yn 'e skurte siet
En o sa tige suchtsje koe
Ha ik harren net sjoen as âlde minsken
Mar oare minsken
Nea kaam it by my op
Dat Pake ienris ljeppe koe
En Beppe mei de poppen boarte
En mei de famkes bikkele.
Dêrom freegje wy:
Sjoch ús âlden net as oare minsken
Mar leaver as folwoeksen bern

Wy wolle gjin applaus fan jimme

Dêr hawwe wy it net nei makke
Wy litte jim in wrâld nei
Hiel oars as doe 't wy der yn kanem
Wy hawwe de natoer nei ús hân set
En no hat de natoer him tsjin ús keard:
Soere rein, bedoarne grûn, fergif yn 'e loft
Party blommen en fûgels útstoarn
Mar jonges, as wy meiinoar wolle
Dan komt it grif wer klear
As jimme de flaters, dy 't wy makken, litte
Dan hawwe wy it learjild ek foar jimme betelle

As ik troch de fjilden gean
En ik sjoch it gewaaks
As ik troch de bosk rin
De beammen en it strewiel
Asl ik yn 'e ûnderwâl
Wer bosken pinksterblommen sjoch
En ik hear wer protten kikkerts kweakjen
Dan tink ik: it is noch net te let
De natoer sil ús grif barmhertich wêze
As wy meiinoar hoek-hâlde
No dan!

~

It lok ticht-by

Der wie ris in man
Dy't socht nei de woartel fan it lok
hy wrotte my syn skeppe
pounsmieten groun ûnderste-boppe.
Hoe hurder hy skepte,
hoe glêder syn skeppe,
hoe krommer syn rich.
Op't lêst wienen se taggelyk ta'n ein,
de skeppe en de man.

Dea-wurrich liet er him sakje
Op't sêfte mos,
En mei in djippe sucht, sei hy:
Hè, hè, wat in great gelok.

~

It snieklokje

Sa folle jierren haw ik my ferwûndere
om it alderearste blomke,
dat sa moedich út 'e froastige grûn
It lytse griene krúntsje omheech stekt,
dat troch snie en iis,
troch heil en kâlde wyn
It lytse klokje hingje lit
om in nije tiid yn te lieden.

As wy us sa fernuwerje moatte
om de natuerlike dingen
dy 't komme en gean,
hoe folle te mear
moatte wy ús dan ferwûnderje
oer de dingen dy't men net sjocht,
mar dy 't altyd binne en bliuwe.

~

De Tiid

Luc. 12-15

De tiid is uzes meiinoar
In gouden spreuk, út âlde tiden,
Mar sûnt "de tiid gjin skoft mear hâldt",
Skrept elkenien him út 'e skroeven,
Draaft hy humjend as in hûn
Foar syn wolfearts-segewein,

En strakjes by de finish
Binne w' allegear like dea.

Wêrom binne dochs de minsken
Meiinoar sa oalje-dom?
Gean mar op jo weintsje sitten,
Kypje ris yn 't moaije waar,
Nim de tiid dochs foar in praatsje,
Want oars nimt de tiid jo mei.

Minsken wolle alles hawwe
Al mar mear en nooit genôch,
Mar gjin tiid om te genietsjen
It programma stiet smoar fol.

De earmoed fan ús oerfloed
Is krekt as in man
Dy 't sop yt yn é dream
Hy sit der noflik foar
Mar kin der net fan priuwe,
It rûkt him yn 'e noas;
Hy moat der moai ôf-bliuwe.

Wa 't de lytse grutte dingen
Fan it deistich libben sjocht
En dy goed wit te waerdjerjen
Dy is wierliken skag-ryk

~

Nagekomen Kerstverhaal, uit lang vervlogen tijd
(Nederlands – fonetisch Franekers)

Het was de tijd dat iedere Kerk, in elke stad, in ieder dorp, ja zelfs in elk gehucht, haar eigen vrouwen Ver-had. Al die verschillende vrouwen-ver-, hadden één ding gemeen, zij droegen (bijna)allemaal dezelfde naam: Dorkas. Deze vrouwengroepen benaarstigen zich o.a. in het haken

van spreien voor de bazaar, ten bate van een of ander kerkelijk doel, als ook in het breien van sokken, broeken, hemden, etc. ten behoeve der behoeftigen der gemeente. Deze behoeftigen werden dan uitgenodigd om, zo rond Kerst ,op de vrouwen-ver- te verschijnen, alwaar zij een kop chocolademelk, alsook een jodenkoek gepresenteerd kregen en bovendien een Kerstpakket, bestaande uit de productie der Dorkasianen.

Op zo'n Kerstuitdelingsavond ,zaten de behoeftige zusters aan de ene kant der tafel, alwaar zij hun afhankelijkheid mochten demonstreren en aan de gene zijde de dames van de Dorkas-club, om daarmee hun barmhartigheid als Christenvrouwen te etaleren. Nu geschiede het soms, dat hele slimme behoeftigen, naar meerdere Kerst-uitdelingen van diverse Dorkassen gingen, als ook naar het Leger des Heils, om er zodoende warmpjes bij te zitten in de winter. Zo gebeurde het, dat een Dorkasbestuur had besloten, een zekere behoeftige ,die al een lange dienst van jaren had, ditmaal niet uit te nodigen, aangezien genoemde behoeftige van meerdere walletjes at.

Maar tot ieders verbazing, was de niet uitgenodigde behoeftige wel aanwezig; zij immers was een vaste klant! Zij heeft ook wel haar kopje chocolademelk gehad, alsook een jodenkoek, maar ging zonder Kerstpakket naar huis en zwaar met de pest in.

Des anderen daags ging zij met zeven haasten naar een bestuurslid der kerk om haar bevinding aldaar te vertellen, in de hoop op deze wijze toch haar Kerstgave te bekomen.

Aan het einde van haar betoog zei ze: én die et helendal niet nodug hewwe, die krije wel en diet gien broek meer an ut gat het krijt niks, kiek mar' en om haar pleidooi kracht bij te zetten, hief zij haar rokken fier omhoog, om daarmee aan te tonen hoe wáár het was; waarop de verbijsterde Kerkbestuurder uitriep: 'mins dan mutte jou bij de presidente van Dorkas weze, sukke dingen hef ik gien ferstaan van'.

De Stove

As jonkje fan in jier as fjouwer stie ik op in sneintemiddei (neidat ik mei myn âden nei tsjerke west hie) un é koken op in stove te preekjen.

Bernekluchten fansels, ja wis!

Mar myn libben lang sleep im mei dy stove om en ik kin him net wer kwyt wurre.

No binnen der minsken dy gunne my dy stove net. Se sisse: Wanneer silst noris folwoeksen wurde?

Dy minsken hawwe dêr wol gelyk oan fansels, want as jo as âlde man nog mei in stover omtôgje dan binne jo foar goed yn 'e bernskens.

Mar de lju witte net heal wat dy stove foar my betsjut. Hoe 't ik de heechste foarm fan gelok en tagelyk de djipste smert op myn sotve belibje; dat ik my oeren sliepeleazens kostet en dagen dat ik dêr tsjin oansjuch as in bern tsjin de toskedokter. En dat ik dêr nei útsjoch as in bern nei Sinteklaas.

Dat ik tige bliid bin as ik fan myn stove ôf stap en tagelyk dan dochs oesa fertierlik bliid bin. Ja, minsken hawwe wol gelyk; it is net normaal. Lit dat sa wêze, ik kin net sûnder myn stove.

~

Nei it forstjërren fan har man, wie se sels ek skjûn yn-ein

De fleur wie foart, de sin fan 't libben wei.

De bêrn wienen de doar út, no wie har taak ta 'n ein.

Op 'e begraffenis as in tsjustere dram oan har foarby gien.

De wurden, dy 't de Dumny sie, koenen har net berikke.

Se siet dêr as in lyts marmer byltsje yn fiersente greate stoel. As in fûgeltsje, dat tsjin it finster fleach en no beskûl siket ús net goed ta.

Jouns, nei ófrin, bin ik nog efkes by har oan west. Ik hie in boskje blommen mei nommen. Tige dom van my, want der wie se noch lang net oan ta. Mar ja wat docht men as jo sa graach in minske in bytsje bliid meitsje wolle. De oare deis, healwei achten wie ik dêr al wer. Ik wy tige ûnrést soe se al wekker weaze? Soe de doar al los weaze? Ja, de doar wie los en se wachte op my. Jonge, sei se, ik moat dy wat fertelle. Der is wat wûnders mei my bart. In ûre oan-ien, hiel moai. Ik wit: de Heare hat by my west; no kin ik wol wer fierser hjer. Fjirtjen jier hat se noch libbe mei dat ljocht en doe 't se op in tysdei-te moarn stoar, has ik har noch forsichtich frege wit mem it noch wol fan dat ljocht? En súntsys, mar dúdlik andere se: as ik it nog wit jonge!

PEASKE

Ôs heit hie in timmersaak. Wy wennen op 'e Sweach. Ik wie in jier as fiif Njonken ús wenne in Winkelman en dêr wie in âlde pake by yn. It barde op in dei, dat dy âlde pake ferstoar; pake wie dea. Ik wist net krekt wat dat te betsjutten hie; it wie myn earste konfrontaasje mei de dea. Heit makke in grutte kiste, lei dêr in kjessentsje yn der't op stie: "Rust Zacht". Ik begriep neat fan it hiele spul, en skrúten as ik wie, doarst ik neat te freegjen, bang dat lytse bern har dêr net mei hiene te bemuoien. Ik wie as de dea foar dy grutte swarte bak. As ik nei it hûske moast, gie ik net troch de timmerwinkel, mar bûtenom. Lokkich wie dy grutte swarte kiste nei twa dagen wer fuort.

De oare deis kaam der in swarte koets oanriden, mei swarte hynders derfoar. Dy hienen swarte kleden oer de rêch en swarte blynkpenen foar de eagen. Der kamen gâns minsken, allegear yn it swart en út it hûs fan buorman Winkelman, waard de grutte swarte kiste útdroegen, dy't ús heit makke hie en doe skeat it fuortdaliks troch my hinne, dêr leit de deade buorman - pake yn. Ik stie deastil en tige eangstich it spul op te nimmen achter it túnstekje fan ús hûs. Doe't de swarte minsken allegear efter de swarte koets oanrûnen, gie it yn in stille optocht de dyk út. Dêr stie ik doe allinnich mei myn tsjuster probleem. Ik sei tsjin ús mem: "Wêr giet buorman-pake no hinne mem?" Mem sei: "Pake giet yn' e swarte modder jonge". De swarte modder, it waard al mar swarter. Dy nacht koe ik net sliepe. It is de swartste nacht fan myn libben wurden. It wie allegear pikswart. Swarte hynders, swarte kisten, swarte minsken, swarte modder. De swarte modder kaam stadichoan tichterby; rûgele yn myn eagen, yn'e mûle, yn' e kiel. It like wol dat ik stikte yn e swarte modder. Ik woe roppe oan ús mem, mar koe net; de swarte modder siet my yn' e kiel. O, wat in nacht!

Myn broer en ik gyngen sneins nei it -fine katske- ta; dat wie de sneinsskoalle.

Dêr wie in alde dûmny, mei in wyt burd en in âlderling mei in blaue pink. Dat foel ús altyd op as hy de sinten ophelle. De dûmny koe och sa moai fertelle.

It moaiste ferhaal wie dat fan Jezus, Dy't sa sterk wie, dat Hy de dea oerwûn. Men soe dochs sizze, wat snapt in bern dêr no fan, mar dochs ha ik dêr yn dy swarte nacht, mei syn swarte modder, myn treast yn fûn. Ik leauw fest dat Jezus sels kommen is, troch it tsjuster, om it stil te meitsjen yn my. Doe't ik wekker waard wie it ljocht. Ik hearde de stimmen fan heit en mem. Letter sieten wy meiinoar oan de tafel te brea iten. De sinne skynde oer alles hinne ek oer de swarte modder. It wie sûverin bytsje Peaske.

~

DREAM

Ik dreamde dat ik oan'tftskjen wie. No moatte 10 witte dat ik neaftskje.

Yn itfoarste plak haw ik gjin geduld om hieltyd nei dy deade koark te kûkeloeren en dan moat ik der net oan tinke dat ik sa'n ûnnoazelftskje dy skerpe heak ut de bek lûke moat. Mar goed, ik wie dochs oan fiskjen en minsken, wat woe it goed bite. Ik helle der samar in hiele grutte fisk, in karper, ut. It bist foel samar fan 'e heak yn it gers; blykber wist de fisk al es fan myn sêfthertigens ôf. Ik smiet myn angel twaris út en fuortendaliks wie it wer raak. Och minsken, wat in kanjer siet der oan myn angel. Ik hie myn beide hannen nedich om it bist boppe wetter te krijen. It wie in tige tijeppe fisk, kreas yn it pak, de tearen noch yn'e broek; hy sei tijin mij: "Goedei van der See, hoe is't mei jo? Lang ferlyn dat wy mekoar foar it lêst seagen hin?"

Deselde deis moeten wy in nicht en har man, dy't wy yn jierren net ijoen hienen. Hja kamen sa mar efkes lâns. "Goedei; hoe is it mei jirn? Lang ferlyn hin?"

Ja, hoe sit it no, binne dreamen allinnich mar bedragerij?

~

Tsjerke

As jo takommende snein nei de tsjerke ta soenen, (tsjerkeboek beurs, bûsdoek en bril), en jo soenen de tsjerkedoar ticht fine, omdat men de earetsjinst ôfskaft hie, dan soene jo wol raar op 'e noas sjen. No is der, lokkich genôch, alhiel gjin sprake fan; mar ft jout dochs wol te tinken, dat op sneintemoarn oeral, yn stêd en doarp, de tsjerkedoarren wer iepen gean en dat der samar, fergees suver foar neat, de grutste opfiering aller tiden, de yntocht fan ft Godswurd plak hat. Dêrom as jo takommende snein nei de tsjerke ta gean, tink der dan efkes oer nei. En as jo net nei de tsjerke ta gean, jo witte no wat jo misse. Soene jo it net ris besykje?

~

De beam

De dagen koartsje no hurd yn. It is novimber. De measte beammen steane al neaken en bleat nei de

skiere loft te sjen. Us ikebeam nimt it noch efkes op syn berie. De helte fan syn blêden hat er al rûgelje litten, de oare helt kin er noch net ôf sjen. Och ja, de winter is sa lang en it foarjier is sa fier. Dêrom! As der no ien nachtfroast komt, dan moat ek ûs ikebeam belies jaan. Dan dwerrelje op ien dei alle giele, heal fertoarre blêden nei ûnderen: dan kin de wyn dêr noch syn wille oan belibje; hy sil harren geardriuwe op in pleintsje en dêr sille se as wylde mannen dûnsje.

Mar It wurdt gjin fleurige Dûns, it wurdt in makabere deadedûns. Dan stiet ûs beam der keal en ferlitten by, sûnder jas en sûnder tek, de kâlde winter temjitte.

Earme, earma ikebeam.

Hoe moat it aanst komme, as de stoarm dy giselet, as de winter dy pleaget, snie en izel dyn tûken bûge? Do hast no suver gjin ferwar. Earme ikebeam. Ik meitsje my sûver ûngerêst oer dy. Mar ik tink dat soks gjin foech jout.

No'st dyn blêden mist, lit no de wyn mar bolderje, it siicht tusken dyn tûken troch; do fangst no hast gjin wyn mear. Ik tink, ikebeam, do giest de wintersliep yn en sliepende hâldst do dysels fêst.

Lyk as in fûgel himsles fêsthâldt oan 'e prikke der 't op sit te sliepen, sa hâldst do dy mei de hannen fan dyn woartels fêst yn'e grûn dêrst yn stiest. Do sliepst en dreamst fan'e tiid, doe't de fûgels yn dyn tûken boarten, de miggen om dyn blêden gûnsden, yn'e iere maitiid it doke roe-koe-de en yn'e jûntiid de klyster syn tankliet song. Sa sliepend en mimerjend giet ûnsichtber it libben troch. Dyn woartels yn'e grûn, triuwe it libbenssop omheech nei knopkes ta, dy't aanst wer úttine sille, om yn'e maitiid har pracht opnij te toanen.

Beam, ik hoech gjin begrutsjen te hawwen mei dy.

Do bist myn foarbyld, want ik bin sels de beam, wy binne de beam. Ienris sille wy alles loslitte moatte, sil alle gloarje fan ûs ôffolle lyk as de blêden fan 'e beam en sille wy yn'e grûn wachtsje op'e grutte maitiid, mei syn jimmer bliuwend grien.

~

Ald portret

Pake

Doe't ik tongersdeitejûns yn it Diakonnessehûs myn buorman, dy't dêr siik lei, besykje woe, trof ik it net sa bêst. Der sieten wol fjouwer by syn bêd, it liek wol oft it de man syn jierdei wie. No lei dêr in ald man fan 90 jier njonken myn buorman en dy hie gjin besyk. Dus sleepte ik in stoel nei syn bêd ta en sei: "Jûn pake, ik tocht sa, jo hawwe gjin besyk, as jo it goed fine kom ik efkes by jo". "Ja", sei de âlde, "as men njoggentig jier is nea troud west hat, dan hawwe jo net sa'n bulte kâns mear op besyk". "Dus jo hawwe net troud west?" "Nee, ik bin by myn alden yné hûs bleaun. Wy hiene in spultsje yn'e Wâlden. Wy hiene in pear bistkes op, wat skiepkjes en in pear hinnen. Wy ferbouden ús eigen iten op'e tún en sa hiene wy it meiinoar goed. Us heit hie lêst fan'e mage, hat in pear jier

sukkele en is doe fersoarn. Doe ik it wurk bûten alline en mem die it wurk yn'e hûs. Sa hiene wy it tegearre dochs wer goed. Letter is ús mem ferstoarn. Ik haf har oan it lêst ta fersoarge. Doe bleau ik allinne oer. Ik die it wurk bûtendoar en yn'e hûs. Och, as men allinne is, is men net safolle mear brek. Ik soarge foar de bisten, de skiepkes en de hintsjes. Fan ús mem hie ik it itensieden leard. Dat koe ik no sles dwaan. Ik hie gjin radio of sksoarte fan nijichheden, och nee, dêr hie ik gjin ferlet fan. Ik stookte myn kachel mei hout en turf. Ienris yn'e wike kaam der in help om myn boel efkes goed nei te sjen. En sa koe ik my wer rêde. Mar witte jo, as in man allinne is en siik wurdt, dan is it in spul. Earst ha ik in wike by in nicht omhongen. Dat koe net wurde. Doe bin ik yn it sikehûs belâne. Hjir hawwe se goed foar my west. Mar, witte jo wêr't ik no sa tsjinoan sjoch? Ik moat hjir wei, ik moat ferhûzje". "Ferhûzje, hoe bedoele jo?" "Ja, dat sit sa, yn de tiid dat ik hjir bin, hawwe se myn hûske leech stellen. Alle dingen fan heit en mem hawwe se derút roofd. No kin ik der net wer hinne. Moarn moat ik nei it rêsthûs ta en dar sjoch ik och sa tsjinoan. Ik woe hjir leaver bliuwe. De susters binne sa leaf foar my, de dokters kin ik goed mei opsjitte. Ik bin hjir no al in bytsje thúsrekke en no wer ferhûzje, wer oare minsken om my hinne, och nee. Foar my hoecht it net mear".

"Mar pake", sie ik, "jo moatte net tefolle oan de swierste ein fan 'e balke tille, it falt jo straks grif wol ta. Jo moetsje dêr steefêst kunde, jo kinne dêr noch wol in moaie tiid krije". Sunder der op yn te gean, sei de âld man: "De Fader sorgt. Binne jo ek fan dy partij?" Er súntsjes andere ik: "Ja, pake".

~

In preek op it tjerkhof

Yn it langst fan'e dagen en yn it hytst fan'e simmer, doe't alles rysdroech wie, blomkes en plantsjes ferskrompelden roun der in âld man mei in gieter yn'e hân it tsjerkhôfpaad del. By elk grêf der't blomkes pronken, begeat hy de plantsjes mei soarch.

Immen, dy't him der moete, sei:

Wat aardich fan jo, dat jo dy plantsjes besproeie. Hij andere dêrop:

As ús leave Hear it net reine lit, moat ik it mar dwaan. Dêrop sei de oare wer:

Dan mei ik jo wol betankje, dat jo ús leave Hear sa goed helpe.

Dat gie de âld man eins stûf genôg, hy sei:

No sa slim is 't no ek wer net, ik wol net sizze dat ús leave Hear my nedich hat, wêrop syn tsjinprater sei:

Lit my it dan mar sizze, jo binne hjiryn Syn rjochterhân.

~

It heidenbuske

Op skoalle hienen wij in sindingsbuske, dat op moandeitemoarns de rûnte die troch de klasse, om sinten op te heljen foar de sinding. Dat heidenbuske wie seldsum moai. Der stie in hiel moai brún Soendaneesk famke boppe op mei in leaf gesichtsje en hja hie de hannen tige earbiedich gear. As jo in sint yn de skreef fan it buske dienen, dan krigen jo in hiel freonlik knikje fan it brúne famke. Ik moat earlik tajaan, ik wie suver sljucht op dat brúne frommiske. Suver spitich, dat ik mar ien sint hie. Mar ja, de sinten wienen eartiids och sa krap, en men kin se mar ienris útjaan. Op in kear hie ik myn sint foar de sinding weitôge. Sadwaande koe ik dat kear net mei dwaan. In famke dat foar mij siet sei doe: "Dan mutte jou ut geld mar niet fersnoepe". Doe haw ik efkes yn'e bank sitten te grinen, om sa'n grutte mislediging.

Ja sa'n sûch wie ik doe: yn stee fan dat fanke in dûst yn 'e rêch te jaan, siet ik yn 'e bank te snotterjen. Mar dat wie meast omdat ik it knikje fan it brúne famke misse moast. It wie op in moandeitemoarn yn it frij kertier. It heidenbuske hie de rûnte dien troch it lokaal en stie op de foarste bank. Alle bern wienen op it skoalleplein, de masters ek. Ik slûpte troch de gong, de doar fan it lokaal yn en stie fol ferwûndering foar it buske mei it brúne famke. As ik no mar in sint hie dan krige ik dat leave brune kopke wol yn aksje mar ja ik hie myn krûd al fersketten. No lei der op 'ebank sa'n platte lineaal. As dat ding no ris yn dy skreef paste dan wie ik moai klear en ja man, it slagge. De platte sintimeter paste krekt; it famke liet mei in fikse klap it kopke foaroerfalle en bleau stokstuf stean, de lineaal siet muorrefêst. Och wat in spul. Hoe moast it no? Ik hie it swit yn 'e hannen. Ik wie skitende benaud. Fuotstappen yn 'e gong, master yn 'e doar. "Wat moet dat hier?" "Ja, master, ik woe noch sa graach in knikje hawwe". "Nou sufferd, dan moet je er een cent in doen en geen liniaal". Master skuorde nidich de lineaal los mar it brune holtsje hong der slop bij. Ik krige in fikse feeche om 'e earen en stode it skoalleplein op. Eltse moandeitemoarn dêrnei as it heidenbuske troch de klasse gie, bleau it kopke treurich hingjen en eltse kear wie dat foar mij in oanklacht, slimmer as de slach om 'e kop fan master.

~

Nei it forstjërren fan har man

Nei it forstjërren fan har man, wie se sels ek skjîn yn-ein
De fleur wie foart, de sin fan 't libben wei.
De bêrn wienen de doar út, no wie har taak ta 'n ein.
Op 'e begraffenis as in tsjustere dram oan har foarby gien.
De wurden, dy 't de D^mny sie, koenen har net berikke.

Se siet dêr as in lyts marmer byltsje yn fiersente greate stoel. As in fûgeltsje, dat tsjin it finster fleach en no beskûl siket ús net goed ta.

Jouns, nei ófrin, bin ik nog efkes by har oan west. Ik hie in boskje blommen mei nommen. Tige dom van my, want der wie se noch lang net oan ta. Mar ja wat docht men as jo sa graach in minske in bytsje bliid meitsje wolle. De oare deis, healwei achten wie ik dêr al wer. Ik wy tige ûnrést soe se al wekker weaze? Soe de doar al los weaze? Ja, de doar wie los en se wachte op my. Jonge, sei se, ik moat dy wat fertelle. Der is wat wûnders mei my bart. In ûre oan-ien, hiel moai. Ik wit: de Heare hat by my west; no kin ik wol wer fierser hjer.

Fjirtjen jier hat se noch libbe mei dat ljocht en doe 't se op in tysdei-te moarn stoar, has ik har noch forsichtich frege wit mem it noch wol fan dat ljocht? En súntsys, mar dúdlik andere se: as ik it nog wit jonge!

~

Out petret

Brood, koek en banket ston op sien brood karre. Ja krekt, hij was Un broadfenter. Un man van krap an 60 jaar. Kreas pakje an, mooi opreaden snorke, petsije op. Su kreas as un krûsbei. Skeelde sûver niks an. Nou ja, ien ding dan, sien ene been was wat te kort, bitsje kreupel. Just derom, denk ik, was ie broadfenter. Nee, hij hoefde de karre niet te douen hoor, der liep un hontsje voor. As hij "fut" sei, dan sprong hij met un handig "hupke" op sien kar en ut hontsje trok sien winkeltsje bij al sien klanten langs. Hij was trouwd, mar su hadden gien kienders. Och su hadden ut redelijk goed. 't Was gien fetpot fansels, mar wie had dat wel? Ne, se skarrelden wel aardeg hoor. Mar even goed hadden su wel sorgen. Sorgen over later.

As hij nou straks bij ut ouder wurren, dat kleijne "hupke" niet meer doen kon, dan kon hij sien klanten niet meer bediene en wer moesten su dan fan leve? Ja, dat was un grote sorg. At su nou later us un diaconie-hûske krije konnen, van 25 stûvers in e week, en su nou en dan un bitsje ondersteuning van de diakens, dan, ja dan su ut wel gaan.

Mar dan moesten jou eerst wel lid van de kerk weze, vanzels. Su kwam ut dat hij die winter, tussen ut kattegesatie jongvolk, in de consistorie naar de belidenis-kattegesatie gong. Hij as oudere tussen al dat jonge goed in. Maar hij kwam trouw alle weken. En hij dee heel goed sien bêst.

Hij begreep der niet su heel veul van, want hij was de gochumste niet, mar dat geeft niks. Un meens kin ok niet alles hewwe, nietwaar Un paar weken voor pasen moesten su voor de "Heeren."

Dat was doe des tieds nog un hele offisjele bedoening. Dan kwamen de ouderlingen allerhande fragen stellen an de leerlingen, fragen over de bibel, over de kerk en ut geloof.

Hij had op alle fragen die 't su him stelden mar ien antwoord:

"JA, JEZUS, MIJN HEER"

Hij wudde an-nommen as lid fan de kerk.

Hij wist krekt genoeg.

~

Oud portret

(Nederlands – fonetisch Franeke)

Hij was een man van Vrijzinnig origine, eigenlijk een zeer conservatief Vrijzinnige. Dat lijkt erg tegenstrijdig. Conservatief en Vrijzinnig zijn naar algemene gevoelens meestal met elkaar in tegenstelling, maar dat hoeft helemaal niet zo te zijn. Sommige Vrijzinnige mensen zijn net zo Conservatief als sommige Rechtzinnige. Er zijn Vrijzinigen, die niet meer naar de kerk gaan, om dat "Nieuwe Liedboek". Vroeger zongen we:

"Op bergen en in dalen, Ruwe stormen mogen woeden".

En op Oudejaarsavond: "Uren, dagen, maanden, jaren".

Maar niks hoor, dat hoeft nu niet meer; alle oude en bekende versjes zijn weg en als er nog al een oude bekende bij is, dan hebben ze aan de melodie gauw wat veranderd kun je weer niet meedoen;

"mij niet meer gezien hoor." Er zijn ook Rechtzinnigen, die om dezelfde reden afhaken. Zij zeggen vroeger zongen wij: "Jezus Uw verzoenend sterven,

Alle roem is uitgesloten en Jezus neem de zondaars aan".

Maar waar ter wereld hoor je dat nu nog in de kerk? Schuld van dat nieuwe Liedboek. Ik heb het wel bekeken, ik ga wel ergens anders kerken, waar het oude liedboek nog gezongen wordt.

Maar zijn Conservatisme was van zeer positieve aard, het bestond n.l. hierin dat hij iedere zondagmorgen. 10 uur ter kerke ging. Zo had hij dat altijd gedaan Zo bleef hij dat altijd doen, weer of geen weer, en welke dominee ook voorging, het deed er niet toe, hij was van de partij.

Als de kerk uitging zei hij stevast tegen mij: (wij liepen vaak samen op, omdat wij in dezelfde richting woonden) "Wat un purreek niet? Och, och, je suden segge. wer háááált die man ut weg". Als ik dan zulks had bevestigd, vervolgde hij zijn relaas "Ja kiek, Ik mut foor twee lûstere, want mien ouwe frou is doof, die verstaat er niks van in de kerk, en as ik nou aanstonds thûs kom dan mut ik har de preek fertelle, onder de koffie. Sien, derom mut ik met twee paar oren lûstere".

Op een zondagmorgen, was er een predikant, die mij volstrekt niet kon boeien, zodat ik grote moeite had, mijn gedachten erbij te houden, hield net nog de ogen open. Ik was dolblij, toen de man

eindelijk amen zei. Ik dacht nog, hé hé, dat hebben we gelukkig weer gehad. Toen de kerk uitkwam, liep hij regelrecht naar mij toe en zei: "Wat un purreek niet? och, och, je suden sége, wer háááált die man ut weg" En omdat ik hem niet wou tegenvallen (hij moest straks zijn verhaal nog kwijt) zei ik: "Ja 't was mooi", maar ik was dolblij dat hij mij niet aankeek, want mijn gezicht stond op zeven dagen slecht weer.

~